

Artikel nei oanlieding fan de kursus “Theology yn Fryslân”.

Wat kin religy (noch) foar ús generaasjes betsjutte.

Oanlieding:

De oanlieding ta dit artikel is foaral de situaasje fan ús tsjerken yn de lêste tiid.

Men seit da de tsjerken mear en mear leechrinne sille, en dat der aanst amper noch kristlike mienskippen mear wêze sille. Dan freegje ik my ôf wêr ’t hjir fan de oarsaak leit. Hoe kin dit. Of misskyn noch better: Hoe hat it safier komme kinnen.

In teoretyske fraach.

Doe lies ik it boekje fan Klaas Hendrikse “God bestaat niet en Jezus is zijn zoon”¹,

Hij konstataart dat de tsjerken wol de problemen fan krimp en sekularisaasje oanjouwe, mar net echt op serieuze manier der mei oan it wurk geane. Dêrom stelt er in oantal fragen. De earste fraach dy ’t hy stelt is: “Zijn er tekenen waaruit blijkt dat de kerk zich de vraag heeft gesteld wat een kerkachtig instituut vandaag en morgen nog kan betekenen.” Dat sette my oan it tinken. Wat kin (mar misskyn ek wol mear: wat moat) in tsjerke hjoed de dei foar de minsken / de wrâld betsjutte.

Ynlieding

No ’t godstsjinst en religy net mear fanselsprekkend is yn ús lân en yn ús doarpen/ stêden en yn de eigen famyljes, komt te mear de fraach nei foaren:

Wat foar funksje hat religy. En wat foar funksje kin it no noch ha.

Ik meitsje my soargen oer de takomst fan de tsjerke.

En dan bin ik fêst net de iennige.

Ek ús tsjerke sels makket him soargen oer de eigen takomst.

Dat fernimme je oan alle richtlinen dy ’t se jouwe foar in libbene, en stabile tsjerke.

Ien fan de biedwurden fan ús tsjerke (PKN) is: “Back te basics”

Back te basics: hat de tsjerke lêst fan te folle ballêst en is de basis wat ûndersnijd?

It soe sa mar kinne.

Te folle ballêst, sa dat de minsken net mear sjogge wêr ’t it echt om giet.

Of - en dat soe noch wol sa goed kinne – dat in soad minsken allinne mar ballêst sjogge.

Ballêst dy ’t har neat seit.

Wêr ’t se gjin oansluting bij hawwe of net mear.

Omdat it ôfstjitt, of as ferâldere oankomt, of as wrâldfrjemd.

De tsjerkedoar giet ticht, de ballêst wurdt útsletten en ôfsletten.

It is wol goed sa.

Mar dat giet no krekt it doel foarbij.

Wij soenen werom nei de ‘basics’ moatte.

En dat is no tink ek mei it probleem: wat is dy basis dan. En wylst ik dit opskriuw besef ik dat ik net iens goed wit as basis wol in goede oersetting fan basics is. Wêrom moat it dan ek yn it Ingelsk. Ha we der net in goed Frysk wurd foar?

Mar hawar: Wêr giet it no om.

Dat is net ynfuld.

Dat is wol heel spitich, want no binne wij noch net in stap fierder.

¹ Klaas Hendrikse “God bestaat niet en Jezus is zijn zoon” blz. 152

Hoe kinne je no lid wêze fan in groep as je net witte wêr 't se foar steane, wat se wolle, en wêrom. Wêr 't it goed foar is.

Doel: Myn doel is om nei te gean as religy yn ús tiid noch in funksje hat, en hokker dan.

Fraachsteling:

Sa kom ik ta de folgjende formulearring:

*Ik wol ûndersykje as religy / tsjerke noch de muoite wurdich is,
wat foar doel religy eins hie en hat.*

en ik wol ûndersykje wat 'back te basics' hjirby betsjutte kinne soe.

Utwurking:

Wêr giet it eins om, bij religy / tsjerke

Hoe kinne je lid wêze fan in groep as je net witte wat it je oplevert.

Wat je der krije, Wêr 't je it foar dogge, Wat wurde je der better fan.

Anne v.d.Meiden soe wol sizze: wat voor nut heeft het.²

Hoe kin it dat wy dat antwurd kwyt rekke binne, as tsjerke.

Hienen de generaasjes fóár ús dat antwurd wol?

Wisten sy krekt wêr 't it om gie? Dat soe kinne.

Hienen sy faaks it antwurd fûn yn de tagong nei de himel?

Wat ik der oer lêzen ha, wie dit foar in soad minsken de oantrún om kristen te wêzen. Om te besykjen troch Kristus yn it reine mei God te kommen om op dy manier rjocht foar God stean te kinnen yn it oardiel.

Of wie de kulturele, sosjale tradysje sa sterk dat dát al genôch wie om lid te wêzen en sneins nei tsjerke te gean? Ek dat wie neffens my in belangryk argumint om bij tsjerke te hearren. It hearde der bij, it sosjale libben frege dat fan jo. De tsjerke regele in soad en wie foar allerhande saken in goede fersekering.

Mar wy libje no yn in oare tiid.

Elke generaasje moat syn eigen antwurd fine.

Dat liket fanselsprekkend. Dat liket simpel genôch. Sa hat it dochs altyd west?

Elke generaasje siket wer syn eigen paad der yn.

Siket syn eigen basis

Stelt syn eigen doelen en jout oan wat er belangryk fynt.

Mar it koe wol ris wêze dat him dêr no krekt de oast sit.

It liket my dat generaasjes lang it antwurd gelyk bleaun is.

Sá sels dat men de fraach al net mear stelde en automatysk akkoard gie mei it antwurd dat men fan de foarige generaasje mei krige.

In antwurd dat fan generaasje op generaasje trochjûn waard.

En blykber weardefol genôch wie, en reden genôch wie om lid fan tsjerke te wêzen.

En ynienen sitte wy mei in oare generaasje, ien dy 't opgroeit yn in hiele oare wrâld, ûnder hiele oare omstannichheden.

Mei hiele oare mooglikheden en ûnmogelikheden.

It antwurd fan de foarige generaasje sille se dat ek wer oernimme, krekt sa as de lange rige fan generaasjes foar har?

² Dr. Anne van der Meiden "Het nut van geloven", over bevinding, nut, vrijzinnig leven en communicatie

Dit is net in generaasje dy 't antwurden oan nimt omdat it út de tradysje komt.
Der wurdt kritysk nei it antwurd sjoen, en as se der neat mei kinne, wurdt it net oannommen,
mar gewoan oan 'e kant lein.

En alles wat der bij heart: nei tsjerke gean, in hechte groep foarmje, meiinoar prate oer it
gelyk fan it antwurd, en sa mear. It is net mear nedich en it hoeft net mear?

Dit alles is der net mear bij tsjinstwurdich.

It giet faak sûnder striid of gesprek.

Gewoan: it past net, en je litte it lizze.

Hat dat te krijen mei it feit dat men de fraach fergetten is?

Us foarige generaasje hat werskynlik net leard om de fraach te sykjen.

Of: waard it net tastien om de fraach te stellen, of mar te sykjen?

Dizze generaasje is blykber tsjerklik net wend de nije fraach te sykjen.

Persoanlik, foar jesels, op oare terreinen oars wol, mar tsjerklik blykber net.

De fragen fan it fraachlearen ha werskynlik net de echte eigen fraach west.

Hienen we 'sokratischer' te wurk gean moatten?

Hoe wie dat bij de earste kristengemeenten?

Yn it boek "Hannelingen" sjogge en lêze wy it ferslach fan de 1^e (en 2^e) generaasje kristenen,
dy 't wrakselje mei allerhande fragen oangeande kristen-wêzen.

Hoe dogge je dat? Wat is belangryk? Wat binne har fragen?

Dat is nijsgjirrich om te sjen hoe 't dy generaasje omgiet mei de fragen dy 't op har ôf komme.
Se binne kristen, oanrekke troch de H. Geast.

Oertsjûge fan de goede wei,

Mar se rinne tsjin allerhande fragen oan: moatte je as Kristen earst 'Joad' wurde? Wa mei

der bij, en wa net? Hoe binne de ûnderlinge ferhâldingen? Dy fan de Joaden en de Griken

Dy fan de manlju en de froulju, wat is de posysje fan de frou? It binne faak heftige diskusjes,
mar se kamen der ek altyd wer út.

Spitich dat we hjirbij neat hearre fan de 2^e generaasje.

Hoe réagearje de bern fan Paulus hjir op, en wat binne hár fragen?

Wat sizze de dochters fan Petrus: hoe fine sy har plakje?

Wat binne hár fragen?

Werskynlik al wer hiele oare as dy fan harren heiten en memmen.

Hoe is ús nije, opkommende generaasje?

Men seit fan ús nije, opkommende generaasje

dat se individualistysk binne

gjin langdurige ferplichtingen oangean wolle

allinne dingen dogge dy 't nuttich en sinfol binne.

Om mei dat lêste te begjinnen:

Wêrom soenen je kristen wêze wolle?

Wat ha je der oan om kristen te wêzen. Levert it wat op?

It is net mear sa dat je der it "Ivige Libben" mei fertsjinje kinne.

It is ek net mear sa dat de diakonij foar jo soarget as je yn 'e problemen komme.

Der stiet ek net mear in âldereinhûske foar je klear as dat nedich is.

En freonen fine je likegoed bij de sportskoalle en de lêsklup.

Hat in 'tsjerke' dan hielendal gjin funksje mear?

Faaks moatte we werom nei it oarspronklike doel fan in tsjerke en in tsjerke-mienskip?
Dat is noch net iens sa maklik oan te jaan.
De earste gemeenten ‘fan Hannelingen’ kamen bij inoar om de opstanning fan Kristus te fieren en meiinoar te wachtsjen op syn werom-kommen.
Doe ’t dat werom-kommen net sa gau kaam as dat men hope hie, feroare neffens my ek de betsjutting fan it bij inoar kommen.
De lytse groep fan kristenen besocht in stikje ‘Keninkryk fan God’ te foarmjen.
In plak wêr ‘t de ideeën fan Kristus foarm krige yn de mienskip.
In mienskip wêr ‘t de leden allegear oan inoar gelyk wienen, en sûnder ûnderskie gelyk behannele waarden. En wêr ‘t nei inoar omsjoen waard. En wêr ‘t toetst waard hoe ‘t je hâlden en dragen wêze soe, as Kristen.

Sa waard de tsjerke in plak wêr ‘t minsken in stikje ‘Keninkryk fan God’ besochten wier te meitsjen.
En waard de tsjerke stadichoan in plak fan beskûl.
In plakje om even ta rêst te kommen
In plakje om even stil te wurden en te bekommen fan alle drokte fan it deistige wurk.
Mar ek in plakje om it libben te fieren: mei de goede jeften fan it libben.
Te fieren dat je libje meie, mei sjongen en muzyk, mei dûns en toniel, mei keunst fan wurd en byld.. En dat allegear ‘ta Gods ear’.
Of it libben bekleie: mei alle need en soarch fan it libben. Kleie oer lek en brek.
Oer teloarstelling en eangst. Oer rou en dea.
Mar ek in plak wêr ‘t men opropen waard om te libjen sa as Kristus dat frege.
In libben yn ferantwurdlikheid foar de oar en foar de wrâld.
Dizze punten ha ik altyd sjoen as de belangrike taken fan ‘tsjerke’

Ik fyn de formulearring sa ‘t Karen Armstrong³ dy jout, dan ek heel oannimmelik.
Dat sprekt my oan:

“Religie was nooit bedoeld om antwoorden te geven op vragen die binnen het bereik van de menselijke rede liggen. Dat was de rol van de logos. De taak van religie, nauw verbonden met die van kunst, was om ons te helpen creatief, vreedzaam en zelfs blij te leven met een realiteit waarvoor geen oplossingen zijn: sterfelijkheid, pijn, verdriet, wanhoop en woede over de onrechtvaardigheid en de wreedheid van het leven”

No is it wol sa dat elke tiid syn eigen fraachstikken hat, en dat elke tiid hjir syn eigen oplossingen foar sykje moat. Mar it algemiene doel bliuwt.
Sa hie Luther oare fragen as Paulus, en hawwe wy wer oare fragen as Luther. Us pakes en beppes hienen oare fragen as mogelijk ús bern.
Yn ús tiid wurde we ús mear bewust fan ús eigenheid, ús persoanlikheid, ús skiednis en ús gea, stêd of lânstreeke. En sille we ússels de fraach stelle moatte wat religy foar ús persoanlik betsjutte kin. Mar dan noch sil it doel fan religy gelyk bliuwe.

En de foarmjouwing dan?

De foarm sil oars wêze moatte.
Dan sille de aksenten ferskowe, de lieten feroarje of ferfalle, gedichten en oare keunstfoarmen oanpast oan de geast fan de tiid en de minsken, en de muzyk oanpast.
Dat freget tink ik ek in ferskaat oan foarmjouwing: ynfulling en útwurking nei it deistige libben. Elk minske sil syn eigen foarm sykje. Nei de wize sa ‘t men no yn it libben stiet.

³ Karen Armstrong “De kwestie God, de toekomst van religie“ bl. 417

Giet it dan noch om sieleheil?

Ik tink it wol, mar dan net foar de himel, mar foar op 'e ierde. Foar hjir en no.

Safolle minsken, safolle foarmen sil der dan socht wurde moatte.

Fansels, dat is net út te fieren foar elk minske apart. Mar dochs.

Wat dat oanbelanget is it net in goed idee west dat der fussy 's binne.

Dat der tsjerken sletten wurde.

Al de foarmen en fariaasjes hat men tink nedich.

Teminsten as elk en ien mei dwaan soe. En wol in elk dat?

Binne de minsken fan tsjinstwurdich net mear religieus? Ha we gjin gefoel mear foar religy?

Binne we dan net mear religieus?

Ferlieze de minsken it gefoel foar religy en it mystearje?

As ik sa om my hinne sjoch, de ferhalen hear, de muzyk en de lieten beharkje, dan sit der noch allegear religy yn. Mar as men dat nei it Kristlike ombûge wol, falt dat noch net ta.

Dat giet net fansels.. Kristlike religy freget oefening en ynspanning. En fansels freget it de oertsjûging dat Kristlike religy de muoite wurdich is.

Nee, lang net elk en ien sil syn religieuze gefoelens besykje foarm te jaan fia de kanalen fan kristlike religy en godstsjinst, fan gemeente en tsjerke. Faak siket men it op oare plakken en mei oare foarmen: yn de natuer, yn de sport, yn de kosmos. Der binne mooglikheden genôch.

Om noch ris in stikje fan Karen Armstrong ⁴ oan te heljen: Yn har epilooch skriuwt se:

“ Het doel van de religie was om hier en nu een intens en rijk leven te leiden.

Religieuze mensen zijn ambitieus. Ze willen een leven dat rijk aan betekenis is. Ze hebben altijd hun leven van alledag willen combineren met de momenten van verrukking en inzicht die tot hen kwamen in dromen, in hun contemplatie van de natuur, en in hun omgang met elkaar en met de dierenwereld. In plaats van ontzet en verbitterd te raken over het verdriet in het leven wilden ze bij alle leed hun vreedzaamheid en sereniteit bewaren. Ze verlangden naar de moed om de angst voor hun sterfelijkheid te overwinnen; ze wilden niet hebbertig en gemeen zijn, maar streefden ernaar genereus, ruimhartig, en rechtvaardig te leven en elk deeltje van hun menselijkheid te benutten. Ze probeerden het onzegbare mysterie te eren dat ze in ieder mens bespeurden en een samenleving te creëren met achting voor de vreemdeling, de buitenlander, de armen en de verdrukten. Natuurlijk faalden ze geregeld. Maar over het algemeen merkten ze dat de disciplines van de religie hen wel degelijk bij dit alles hielpen”.

En dat alles hat ús kristlike religy te bieden.

En hoe komt it dan mei 'back to basics'?

Dit liket my in goed útgangspunt foar back to basics.

Wy moatte útgean fan it doel fan religy:

Dat religy minsken helpe wol om om te gean mei de realiteit fan it libben wêr 't gjin oplossingen foar binne: stjerlikens, pine, fertriet, wanhoop en lulkens oer ûnrjocht en de wredens fan it libben.

En dêrneist in help te wêzen bij it stean yn 'e wrâld: in mienskip te foarmjen mei achting foar de frjemdling, de bûtenlanner, de earmen en de ferdrukten.

Dêr moat opnij foarm en ynhâld oan jûn wurde: foar elk op eigen wize.

Foar ús as Friezen, fan ús eigenheid út wei yn taal, lânsdouwe, aard en wêzen.

⁴ De kwestie God blz. 432 / 433

Fansels giet dit net fansels.

It komt je net oanwaaien, je moatte je der foar iepenstelle en foaral: je moatte der oan wurkje wolle en yn oefenje wolle.

En wat dan ek tige wichtich is: der moat ien wêze dy 't je dêr yn ynliede en begeliede kin. Ien dy 't mei je siket nei foarmen en wurden, nei rituelen en ferhalen, nei goed en kwea, om op wei te gean op it religieuze aventoer.

Konklúzjes

Bij religy giet it noch altyd om sieleheil: net foar néi dit libben, mar foar dít libben.

Religy is der foar om de minsken te helpen om te gean mei de realiteit fan it libben wêr 't net sa in oplossing foar te finen is: stjerlikheid, pine, fertriet, wanhoop en lulkens oer wredens en ûnrjocht.

Religy kin minsken helpe om in goede mienskip te foarmjen, mei achting foar de minsken dy 't oars binne as jesels, foar de frjemdling, de bûtenlanner, de earmen en ferdrukten.

Religy kin en moat ek in hanwizer foar it libben wêze: foar goed en kwea, religy moat je ta ferantwurdig ruppe kinne, it moat wurkje kinne as in moreel kompas.

Foar dizze 'back to basics' moatte foarmen socht wurde, dy't oanslute bij de gedachtewrâld en wize fan libjen fan de minsken fan no en hjir.

Dan sjoch ik it hielendal sitten.

Anna Marike Dijkstra-v.d.Woude

Itens, 20 septimber 2018